

- Gearkomste** :
- Wurklistnûmer** :
- Ûnderwerp** : Útwurking weroriïntaasje kulturele ynfastruktuer Fryslân
Beliedsprogramma : 5 Mienskip
Registraasjenûmer : 01589213
Portefeuillehâlder : S.A.E. Poepjes
- Behanneljend amtner** : M. Beckers (058) 292 50 91, Frysk kapitaal
- Oanlieding** : Yn it útfieringsprogramma *Mei hert, holle en hannen 2017-2018* is in *werhifking* fan de kulturele ynfastruktuer oankundige. Mei as doel om te kommen ta in bloeiend kultureel klimaat yn Fryslân, in heldere wurkwize en in sterke en fleksibele kulturele ynfastruktuer.
- Op 20 desimber 2017 hawwe jimme it earste útstel oer de weroriïntaasje bepraat en jimme hawwe, troch in amendemint, de opdracht jûn om de fierdere útwurking yn nauwe gearwurking mei it kulturele fjild te dwaan. Dit útstel is in fierdere útwurking fan de earder troch jimme Steaten beprate ramten (senario 1 Ynnovatyf en duorsum leeffermidden). Dat lizze wy mei dit steateútstel oan jimme foar beslútfoarming foar.
- Europeesje kontekst** : Troch LF2018 stiet Fryslân ynternasjonaal op 'e kaart. It artistike klimaat yn Fryslân is gâns ferbettere. Om netwurken yn stân te hâlden en nije makkers hjir de mooglikheid te bieden harren te ûntwikkeljen, is de Europeeske blik yn ús belied fan grut belang. Benammen omdat wy troch ús meartaligens op in tal tema's maklik de ferbining oer lânsgrinzen hinne fine.
- De ambysjes yn it Fryske bidbook, dat oan OCW oanbean is, oangeande meartaligens, freegje om sterkere ferbinings tusken taal- en kultuerbelied. Fryslân hat de winsk om út te groeien ta it kennis-, organisaasje- en publykssintrum fan meartaligens fan it Noarden, Nederlân én Europa. Wy sette primêr yn op yntinsivere gearwurking mei de fjirtjin partners, ferienige yn de NPLD én yn it netwurk fan âld-Kulturele Haadstêden, sadat meartaligens har net allinne yn meartalige regio's manifestearret, mar krekt ek yn regulier kultuerbelied fanselssprekkend wurdt.

Koarte gearfetting : Doel fan dizze weroriïntaasje fan de kulturele ynfrastruktuer Fryslân is om rânebetingsten te skeppen (yn de nije beliedsperioade fan 2021 ôf) foar in bloeiend kultureel klimaat yn Fryslân. De provinsje wol by de krêft en de ideeën út it fjild wei oanslute en fierder bouwe op de resultaten fan LF2018. Romte meitsje foar ynnovaasje en nij talint. Komme ta in heldere wurkwize en in sterke en fleksibele kulturele ynfrastruktuer. Op basis fan ûntwikkelings om ús hinne, de resultaten fan LF2018, de winsken en ideeën út de kulturele sektor wei en de winsken fan jimme Steaten is in ûntwerp makke foar in nij bestel foar kultuerbelied yn Fryslân fan 2021 ôf.

Beslútpunten : De útfieringsprogramma *Kultuer oan 'e kime –weroriïntaasje kulturele ynfrastruktuer Fryslân* fêst te stellen, en dêrmei:

1. Yn te stimmen mei it beneamen fan in profesjonele Fryske Keunstynfrastruktuer, besteande út de funksjes (lokaasje-)teater en popkultuer;
2. Yn te stimmen mei de betingsten, doelstellings en it hifkingsramt foar de Fryske Keunstynfrastruktuer;
3. Yn te stimmen mei it bondeljen fan it kulturele erfgoedbelied, wêrby't it replik en ûnreplik erfgoed yn in stevige ynfrastruktuer foar behear, behâld, ûndersyk en ûntwikkeling fan al ús erfgoed opnommen wurdt;
4. Yn te stimmen mei de doelstellings en it hifkingsramt foar de musea en opdracht te jaan dy fierder út te wurkjen as ûnderdiel fan it noch op te stellen útfieringsprogramma foar erfgoed (eksklusyf romtlik erfgoed) fan 2020 ôf;
5. Kennis te nimmen fan de útstelde programmalinen as rjochting foar fierdere útwurking yn it beliedsbrieff 2021-2024, ynklusyf finansjele paragraaf, yn nauwe gearwurking mei Aginda2028.
6. Fan de programmalinen út yn te setten op it ûntskotten fan budzjetten, it finen fan kofinansiering en it ûntwikkeljen fan nije beliedsynstruminten, wêrby't de neiere útwurking fia deputearre steaten rint.

Taheakke :

- Notysje Kultuer oan 'e kime - Útfieringsprogramma weroriïntaasje kulturele ynfrastruktuer Fryslân
- Fryslân- lân fan krêft en kânsen, Bertien Minco
- Kulturele lânkaart, 2018
- En nu doorpakken, notitie culturele sector Fryslân, oktober 2018
- Noordelijke cultureel regioprofiel We the North, novimber 2018
- Frysk bidbook: It Frysk eigene en de proeftún Meartaligens, novimber 2018

Taljochting

Kontekst

: Op basis fan ûntwikkelings om ús hinne, de resultaten fan LF2018 en de winsken/ ideeën út it fjild wei, is in útfieringsprogramma makke foar in nij stelsel foar kultuerbelied yn Fryslân fan 2021 ôf. Wy wolle koesterje wat berikt is, trochgean mei wat wurket en nije ûntwikkelings stimulearje fia fleksibele programmatalinen en de gearwurking mei taal en erfgoed. De nije struktuer bestiet út de neikommende ûnderdielen:

- Fryske Keunstynfrastruktuer
- Erfgoedynfrastruktuer
- Taalynfrastruktuer
- Programmatalinen

Yn dizze weroriïntaasje lizze wy de klam op wêr't wy goed yn binne en wat wy mei it programma fan Ljouwert-Fryslân 2018 ek groeien sjoen hawwe, profesjonalisearjen sjoen hawwe. Yn it nije stelsel wurdt it erfgoedbelied en it kultuerbelied mei-inoar ferbûn, de kombinaasje fan musea, argiven en erfgoed. De funksjes yn de Fryske Keunstynfrastruktuer garandearje de yntrinsike wearde fan keunst en in ekosysteem dêr't artistike kwaliteit yn garandearre is (kultuer as doel). Troch hjiryn te ynvestearjen as provinsje soargje we foar in heechwaardich kultureel oanbod dat it totale kulturele klimaat (ynklusyf it net subsydiearre part) yn Fryslân in kwalitative ympuls jout. Wy ferwachtsje dat in part fan de besteande kulturele ynfrastruktuer wer in plak krije kinne sil yn dy funksjes yn it nije stelsel.

Neist de Keunst-, Erfgoed- en Taalynfrastruktuer is in tal (fleksibele) programmatalinen ûntwurpen, wêryn't keunst en kultuer bydrage kin oan maatskiplike opjeften (kultuer as middel): leefberens en sosjale gearhing, fuortsterkjen fêstigingsklimaat, rekreaasje en kultuertoerisme.

Dy programmatalinen binne op haadlinen útstippele. Oan PS wurdt útsteld kennis te nimmen fan dy programmatalinen as rjochting foar fierdere útwurking yn it beliedsbrief 2021-2024, ynklusyf finansjele paragraaf.

Wat hawwe wy ôfpraat?

Op 20 desimber 2017 hawwe jimme de ramten foar de weroriïntaasje bepraat. By dy behanneling is in amendemint en moasje oannommen en binne der meardere tasizzings dien.

Jimme hawwe DS mei in amendemint opdracht jûn om (en yn kursyf hawwe wy oanjûn hoe't dat ferwurke is):

1. de basisynfrastruktuer, lykas yn it útstel fan 20 desimber 2017 beskreaun is, yn gearwurking mei de kulturele sektor yn in útfieringsprogramma út te wurkjen;

Basisynfrastruktuer is útwurke yn útstel kar Fryske Keunstynfrastruktuer en Erfgoedynfrastruktuer (dêr't betingsten, doelstellings en hifkingskritearia yn útwurke binne)

1. senario 1 'Ynnovatyf en duorsum leeffermidden' as foarkarsenario oan te wizen, oanfolle mei ekstra omtinken foar: a) **Kultuertoerisme**; b) **Inisjativen fan ûnderop**; c) **Maatskiplike mearwearde**; d) De **legacy** fan LF2018;

Senario 1 mei ekstra punten fan omtinken is yn de programmatalinen útwurke. Yn de notysje Útwurkingsramt weroriïntaasje kulturele ynfrastuktuer is nei programmataline oanjûn hokker punten fan omtinken weromkomme.

2. yn gearwurking mei de kulturele sektor senario 1 yn in útfieringsprogramma út te wurkjen;

Sjoch ûnder kopke 'Dialooch mei it fjild' op hokker wize it kulturele fjild derby behelle is.

3. yn it útfieringsprogramma saken as **kofinansiering, it sljochtsje fan behinderings** tusken sektoaren, it yn desimber 2017 troch de Fryske kulturele sektor opstelde manifest en nasjonale ûntwikkelings (ûnder oare regionale kulturele ynfrastuktuer) dêrby te beheljen;

Binnen de programmatalinen (benammen Grut & Grutsk, Ynnovaasje & Eksperimint en Taal & Identiteit) is romte foar yntegraal wurkjen, kofinansieringsmooglikheden en it sljochtsjen fan behinderings. De opstelde manifesten, analyzen en notysjes út it kulturele fjild wei binne de basis dêr't de notysje op basearre is.

4. it útfieringsprogramma foar 1 july 2018, mar uterlik foar ein 2018, foar beslútfoarming oan Provinsjale Steaten foar te lizzen.

Dizze opdracht is as neikomt ynterpretearre: it model (dat yn desimber 2017 troch jimme Steaten bepraat is) is fierder útwurke yn in stelsel mei betingsten en kritearia foar de erfgoed- en Fryske Keunstynfrastuktuer en in fleksibel part fia de programmatalinen. Dat foarmet de fierdere konkretisearring fan wat de provinsje dwaan sil. Dêrneist is yn de taheakke notysje in paragraaf opnommen oer wurkwize en planning; dêr is yn fêstlein hoe't it stelsel yn de kommende jierren ynfierd wurdt. Dy twa ûnderdielen, de fierdere konkretisearring 'wat' en útfiering 'hoe', foarmje mei-inoar it útfieringsprogramma foar de weroriïntaasje. Foar de jierren 2019 en 2020 hawwe wy ek it útfieringsprogramma dat by it beliedsbrieff Mei hert, holle en hannen heart. Dit útfieringsprogramma is mei dêrom gjin tradisjoneel útfieringsprogramma, mar in notysje dêr't de stappen om te kommen ta in nij stelsels foar kultuerbelied fan 2021 ôf yn beskreaun wurdt. Uterlik begjin 2020 wurdt in nije beliedsbrieff oan PS foarlein, wêrby't it yn de beslútfoarming dan benammen om de finansjele ramten giet. Earst nei it fêststellen fan de finansjele ramten kin de sektor frege wurde om mei plannen te kommen, wêrnei't dy troch in advyskommisje beoardiele wurde.

Neffens it amendemint wurdt dit útstel no oan jimme Steaten foar beslútfoarming foarlein.

Neist it hjirboppe neamde amendemint is ûndersteande moasje (nr. 1695) oannommen en is in tal tasizzings dien:

- 1639: 8 novimber 2017: *It kolleezje seit ta om yn de rinnende perioade net mear te besunigjen op kultuer.*
- 1686: 20 desimber 2017. **Amateurkunst** kriget, by de fierdere útwurking fan de weroriïntaasje, in folweardich en takomstbestindich plak yn it provinsjale belied.

- 1687: 20 desimber 2017: *Yn it ramt fan de legacy nei LF2018 sil jierliks mei de Steaten en de kulturele sektor sjoen wurde nei de stân fan saken: wêr steane we no, wêr kinne we elkoar fersterkje, wêr lizze kânsen en wêr kinne wy bystjoere? Yn oerlis mei de griffy wurdt besjoen hoe't dit it bêste organisearre wurde kin.*
- 1688: 20 desimber 2017: *Der sil omtinken wêze foar it **Fryske eigene** yn de kultuer, wêrûnder de Fryske (streek-)taal, eksplisyt ûnderdiel wêze te litten fan it einbyld dêr't de kulturele (basis-)ynfrakstruktuer oan foldwaan moat en eksplisyt ta te heakjen oan de hifkingskritearia.*
- 1689: 20 desimber 2017: *It kolleezje sil oandacht freegje by de ministearjes en de Ried foar Kultuer foar in Fryske kulturele (steds)regio*
- 1695 (moasje): 20 desimber 2017. *fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten: mei gemeenten en organisaasjes út de keunst- en kultuersektor op koarte termyn te kommen mei in Frysk oanbod ('Bidbook') nei de Raad foar Cultuur en oare organisaasjes en har dêr oan te melden as Fryske kulturele (steds)regio.*

Relatearre moasjes:

- 1858: 27 juny 2018: *verzoeken Gedeputeerde Staten / spreken haar mening uit: zich maximaal in te zetten op het sluiten van convenanten met gemeenten over het kunstonderwijs met als doel toename van deelnemers aan kunstlessen; naast de disciplines genoemd in het coalitieakkoord (muziek, dans en toneel) ook de beeldende kunst daarin mee te nemen; hierover in het vierde kwartaal 2018 aan PS verslag te doen.*
- 1856: 27 juny 2018: *Verzoeken het college van Gedeputeerde Staten - een voorstel te doen voor financiering van initiatieven van onderop die op dit moment te groot zijn voor het lepen Mienskipsfûns, inclusief inrichting, criteria en budget; - daarbij de mogelijkheid van een fondsconstructie mee te nemen voor initiatieven die zich daarvoor lenen; - dit voorstel uiterlijk in het vierde kwartaal van 2018 aan Provinciale Staten ter besluitvorming voor te leggen.*

Ferwurking tasizzings:

Omtinken foar Amateurkeunst

Yn de programmalinen Taal&Identiteit en Kultuer yn 'e Mienskip krijt amateurkeunst foldwaand omtinken. Sa jouwe wy it in folweardich en takomstbestindich plak yn it provinsjale belied.

Omtinken foar Frysk eigene

Ûnder Frysk eigene fersteane wy yn dit útstel alle produksjes en aktiviteiten dy't karakteristyk foar Fryslân binne (oangeande keunst en erfgoed). Mei oare wurden: it hâldt krekt datjinge yn dat beskiedend en ûnderskiedend foar de Fryske identiteit is, lykas: it Frysk en (streek)talen yn Fryslân, kolleksje Fryslân en ferhalen yn of oer Fryslân

Dat komt werom yn:

- de Erfgoedynfrastruktuer: de erfgoedsektor dy't it Ferhaal fan Fryslân fertelt;
- de Fryske Keunstynfrastruktuer: yn de kar foar de funksjes (pop)muzyk en teater. Der is yn Fryslân in sterke tradysje fan teater en (pop)muzyk,

- foar amateurs likegoed as professionals. Yn de doelstellings foar teater en popkultuer: it kreëarjen fan maatskiplike ympakt troch de wei fan ûnder oare omtinken foar talichheid: Frysk en (streek)talen yn Fryslân;
- de betingst dat de funksje teater yn alle gefallen bestiet út organisaasje(s) mei ekspertize op it mêd fan Frysktalich teater, jongereintheater en lokaasje teater;
 - de programmiline Taal & Identiteit;
 - de programmiline Kultuer yn 'e mienskiep.

Tasizzing 'ikerdei'

Yn 2018 hawwe wy, lykas hjirfoar al oanjûn, in yntinsyf gearwurkingstrajekt mei de hiele sektor trochrûn. Foar it jier 2018 sjogge wy de 'legacydei' op 23 maaie 2018 as de 'ikerdei' fan 2018. Foar de jierren dêrnei wurdt, neffens de tasizzing, in 'ikerdei' organisearre.

Moasje – Fryske RYS en tasizzing omtinken foar Fryslân by OCW

It ministearje fan OCW hat regio's oproppe om kulturele regioprofilen te ûntwikkeljen en dy foar 1 novimber 2018 by it ministearje yn te tsjinjen. Om reden fan it ûnderskiedende karakter fan Fryslân freegje wy yn in apart Frysk eigen profyl omtinken foar de legacy fan Ljouwert-Fryslân Kulturele Haadstêd 2018, benammen op mêd fan de twadde rykstaal it Frysk en it fanselssprekkende meartalige karakter fan ús provinsje, dat him ek mei klam yn kulturele projekten manifestearret. Dit Fryske bidbook rjochtet him derop dat Fryslân de spil foarmet as gongmakker en oanbieder fan foarsjennings, mei potinsje en de winsk om út te groeien ta it kennis-, organisaasje- en publykssintrum fan meartaligens fan it Noarden, Nederlân én Europa. Dêrneist wolle wy de oanfiersersrol as ekspert fan eveneminten en produksjes op it mêd fan in talige kultuer. It Fryske bidbook *It Frysk eigene en de proeftún meartaligens* is jo oanbean by brief fan 30 oktober 2018 (kaaimerik 01583704) en is ek taheakke oan dit steate-útstel. Dêrmei beskôgje wy dizze moasje en tasizzing as ôfhannele.

In soad kulturele netwurken wurkje hjir op noardlike skaal. Om dy reden is al yn 2016 besletten om yn noardlik ferbân in eksperimintearprogramma te begjinnen om it artistike klimaat fuort te sterkjen. Dat hat laat ta it gearwurkingskonvenant *We the North!* Lykoprinne mei it Fryske bidbook is mei de partners út *We the North* wurke oan in mienskiplik kultureel regioprofiel (sjoch taheakke Noardelijk kultureel regioprofiel) dat ek by it Ryk ynstjinne is.

Relatearre moasjes

Moasje mei nûmer 1858 (konvenanten kultuerûnderwiis) nimme wy mei yn de fierdere útwurking fan dit útstel. It konvenant *Mear Muzyk yn de Klasse* is op 20 septimber 2018 sletten, de kommende tiid wurdt fierder ûndersocht hoe't ek foar de oare dissiplinen gearwurking mei gemeenten realisearre wurde kin.

De lêstneamde moasje (nr. 1856) sjogge wy as in lykoprinne proses, wêrby't Provinsjale Steaten fersocht hawwe om in útstel te dwaan foar it finansieren fan inisjativen fan ûnderop dy't op it stuit te grut binne foar it lepen Mienskipsfûns. It giet om gruttere projekten dy't mear as € 35.000,-

freegje en dêrom net út it lepen Mienskipsfûns finansiere wurde kinne. In útstel foar útfiering fan dy moasje wurdt apart taret.

Oare ôfspraken

Jimme Steaten hawwe frege om de weroriïntaasje binnen de besteande finansjele ramten, lykas fêstlein yn de mearjierrebegutting, út te fieren. Yn dit útstel steane ynhâldlike ramten en de útfiering foar de ynfiering fan de nije kulturele (keunst en erfgoed)ynfrastruktuer fan 2021 ôf. De ôfspraken en byhearrende middels fan it beliedsbrieff Mei hert, holle en hannen 2017 – 2020 bliuwe stean. Yn 2020 sil in nije beliedsbrieff oan Provinsjale Steaten oanbean wurde, dêr't dy ramten fierder yn útwurke wurde, ynklusyf finansjele paragraaf.

Yn 2019/2020 sil in nije (koarte) beliedsbrieff oan Provinsjale Steaten oanbean wurde, *wêrby't it yn de beslútfoarming dan benammen giet om de finansjele ramten*. De besteande strukturele budzjetten foar kultuer binne tarikkend foar in minimale keunstynfrastruktuer en in lyts tal museums yn de erfgoedynfrastruktuer. Der is noch gjin (folsleine) finansjele dekking foar de programmelingen en de ekstra ambysje foar de erfgoedynfrastruktuer. Dat omdat net dúdlik is, troch it ôfrinnen fan tydlike budzjetten, hoefolle budzjet der fan 2021 ôf beskikber is. Dat wurdt meinommen yn de finansjele paragraaf foar de nije beliedsbrieff 'kultuer' en de útfieringsprogramma's erfgoed. Dêrby sil ek in budzjet foar friksjekosten foar it mooglik ôfbouwen fan lange subsydzjerelaasjes opnommen wurde (sjoch ek bestjoerlike oandachtspunten).

Lanlike en noardlike ûntwikkelings

Lanlik wurdt nij kultuerbelied taret foar de perioade fan 2021 ôf. It ministearje fan OCW hat in oprop dien om kulturele regioprofilen te meitsjen en foar 1 novimber 2018 by it ryk oan te leverjen. Dy regioprofilen tsjinje as ynbring foar de advysoanfraach dy't de minister op 21 desimber útsette sil rjochting de Raad voor Cultuur. Fryslân makket mei seis oare noardlike oerheden diel út fan it gearwurkingsferbân We the North: provinsjes Groningen en Drenthe, gemeenten Groningen, Ljouwert, Assen en Emmen. Mei-inoar is ien kultureel regioprofyl yntsjinne en trije proeftunen. Neist it noardlike profyl is der in Frysk bidbook oan OCW oanbean, mear ynformaasje fine jo ûnder it kopke Ferwurking moasje Fryske RYS.

Dialoach mei it fjild

Hoe is it fjild by it ta stân kommen fan dit útstel behelle? Daliks yn 'e earste wike fan jannewaris 2018 gie de provinsje mei in brede fertsjintwurdiging fan kulturele organisaasjes om 'e tafel om mei-inoar ôfspraken te meitsjen oer it te folgjen proses. Ut dy groep kulturele spilers wei is op eigen inisjatyf in brede kearngroep (tolve minsken) formearre. Yn 'e mande mei dy kearngroep binne wurksesjes foar it kulturele fjild organisearre. Oan dy petearen die in brede fertsjintwurdiging út de kulturele sektor mei. Mei-inoar diene sa'n 120 minsken út de sektor mei. De ynbring dy't op 'e Legacy-dei ophelle is, is ek yn dit útstel ferwurke. De legacy-dei beskôgje wy as útfiering fan de frege 'ikerdei' foar 2018 (neffens tasizzing 1687). Fierder hat der yn de ûntwerpperioade in wykliks ynriinsprekoere foar de hiele sektor west en is der geregeld oerlis mei de kearngroep.

De ynbring dy't yn de dialoofaze sammele is, is yn it útfieringsprogramma *Kultuer oan 'e kime* ferwurke. Om in ûnôfhinklike blik yn te bringen is in eksterne saakkundige frege om in analyse te meitsjen. De befinings binne bondele yn it stik *Lân fan Krêft en Kansen*. De analyse is yn in oansprekkend en oersichtlik totaalbyld ferbylde, in 'lânkaart' fan kultuer yn Fryslân.

Probleemstelling : Yn de hjoeddeistige situaasje binne gjin dúdlike kritearia foar de provinsjale kulturele ynfrastuktuer. Fierder is it budzjet dêr't it provinsjale kultuerbelied mei útfierd wurdt benammen yn boekjierssubsydzjes en yn in bydrage oan in mienskiplike regeling fêstlein. Dêrmei is de fleksibiliteit beheind.

LF2018 hat bewiisd dat kultuer oan in soad maatskiplike opjeften in bydrage leverje kin, dat wolle wy yn belied fêstlizze.

Gearfetsjend: Hoe kin de provinsje soargje foar in duorsume kulturele ynfrastuktuer dy't de takomst treast is, foar in bliuwend bloeiend kultureel klimaat dat bydraacht oan maatskiplike opjeften en in heldere en dúdlike wurkwize?

Probleemanalyze : Likernôch 65% fan it hjoeddeistige provinsjale kultuerbudzjet wurdt foar mearjierrige subsydzjes ynset (eksklusyf mienskiplike regeling Tresoar). Fan dat persintaazje is sa'n 95% in strukturele boekjierssubsydzje en de oare 5% mearjierrige ynsidintele subsydzjes. Dy subsydzjes wurde troch de amtlike tsjinst hifke oan it provinsjale kultuerbelied en wurde op basis fan aktiviteiteplannen beskikber steld. Yn de praktyk docht lykwols bliken dat it stelsel mear 'ynstellingrjochte' as 'funksjerjochte' is, wêrtroch't faak deselde ynstellings finansiere wurde en der net folle romte foar nijkommers is. Mei oare wurden, it stelsel is net botte fleksibel. Fleksibiliteit is in betingst om op maatskiplike ûntwikkelings ynspylje te kinnen en romte te bieden oan nij talint.

Dêrneist is der, mei troch LF2018, hieltyd mear each foar it feit dat de wearde fan kultuer breder is as allinne de artistike wearde fan kultuer. Kulturele inisjativen hawwe hieltyd mear in wichtige paadsljochtsjende, gong meitsjende, op it aljemint bringende en befoarderjende rol by it realisearjen fan ferskate maatskiplike opjeften. Kultuer soarget foar mear toerisme, draacht by oan in better fêstigingsklimaat, leefberens, ynnovaasje en sichtberens fan de provinsje Fryslân.

Dat freget om in oare, yntegrale wurkwize fan de provinsje, wêrby't de wearde fan kultuer ek brûkt wurdt om oare provinsjale opjeften te realisearjen. Dat past ek by it opjefstjoerde wurkjen fan de provinsjale organisaasje. Dat betsjut ek dat út dy domeinen wei ek yn kultuer ynvestearre wurde moat, doelen en budzjetten wurde ferbûn.

Mei de útstelde struktuer stribje wy nei in heldere en dúdlike en op kwaliteit basearre beslútfoarming én in sterk kultureel en artistyk klimaat yn Fryslân.

Doelstelling / beëage effekten: : It kreëarjen en behâlden fan in sterke kulturele ynfrastuktuer, dy't de takomst treast is (erfgoed, de keunsten en taal) yn Fryslân, troch de neamde ynfrastuktueren.

In heldere en dúdlike en objektive wurkwiize fan de provinsje op basis fan heldere doelstellings en hifkingskritearia en troch in eksterne kwalitative beoardieling troch advyskommisjes.

Boarging fan de ûntwikkelings dy't mei LF2018 yn gong set binne en mear romte foar fernijing, spilers en aktiviteiten fia de programmalinen.

Mear effekt yn de mienskip, trochdat kultuer helpt oare maatskiplike opjeften te realisearjen (yntegrale oanpak troch ûnder oare de programmalinen).

It fêstlizzen yn it belied fan programmatysk wurkjen mei in yntegrale opset.

Risiko's

- :
 - Ferleging/beëiniging fan besteande (somsiden lange) subsydzjerelaasjes. Op it stuit is noch net bekend en lêstich te foarsizzen hokker gefolgen it nije stelsel foar hokker ynstelling hawwe sil. Dat hinget ûnder oare ôf fan de kwaliteit fan de plannen de gearwurkingsferbannen dy't oangien wurde en de beoardieling dêrfan troch in advyskommisje. It beëinigjen en/of wizigjen fan besteande subsydzjerelaasjes fan 2021 ôf heart ta de mooglikheden. Dat is lykwols ynherint oan de winsk/kar foar in fleksibeler en transparantere ynfastruktuer. By in mooglike ôfbou fan de subsydzjerelaasje nimt de provinsje de relevante wet- en regeljouwing en jurisprudinsje yn acht.
NB: op grûn fan it hjoeddeistige beliedsbrieff binne fan de oanbelangjende ynstellings fjouwerjierreplannen frege op basis wêrfan't sy ûnder foarbehâld fan jierlikse goedkarring troch PS alle jierren subsydzje foar de útfiering krije.
 - It hjoeddeistige budzjet is foar de organisaasjes beheind om harren taken útfiere te kinnen (mei troch lean-priisstigings en it net yndeksjaarjen fan de bydrage) wêrtroch't takomstige tekoarten driigje.
 - Troch it ôfrinnen fan LF2018 is der foar 2019 en 2020 minder budzjet foar kultuer beskikber as yn 2017 en 2018, foar nijkommers likegoed as foar de ynstellings dêr't de provinsje in lange subsydzjerelaasje mei hat. Dat jildt benammen foar festivals dy't in soad ekstra middels fia st. LF2018 krigen hawwe yn de perioade 2015-2018.
 - ûnwissens yn de sektor troch feroaring yn de ramten.
Behearsmaatregel: fierdere útwurking sil yn 'e mande mei de sektor dien wurde, krekt as yn it rinnende trajekt. Yn de kommunikaasje is dêr al yn foarsjoen.
 - Finansjeel risiko: tydlik budzjet rint yn 2021 ôf. Foar in tal programmalinen sil nij budzjet oanfrege wurde moatte.
-

Probleemoplossing : Wy wolle koesterje wat berikt is, trochgean mei wat wurket en nije ûntwikkelings stimulearje fia fleksibele programmalinen. Mei it yn de útfieringsprogramma presintearre stelsel ûntstiet in fleksibel en helder en dúdlik stelsel foar in Fryske Keunstynfrastruktuer en Erfgoedynfrastruktuer. De yn grutte halen beskreaune programmalinen soargje foar in yntegrale wurkwize.

Yn dizze weroriïntaasje lizze wy de klam op wêr't wy goed yn binne en wat wy mei it programma fan Ljouwert-Fryslân2018 ek groeien sjoen hawwe, profesjonalisearjen sjoen hawwe. Yn it nije stelsel wurdt it erfgoedbelied en it kultuerbelied mei-inoar ferbûn: de kombinaasje fan museums, argiven en erfgoed. De funksjes yn de Fryske Keunstynfrastruktuer garandearje de yntrinsike wearde fan keunst en in ekosysteem dêr't artistike kwaliteit yn garandearre is (kultuer as doel).

Neist de Keunst-, Erfgoed- en Taalynfrastruktuer is in tal (fleksibele) programmalinen ûntwurpen, wêryn't keunst en kultuer bydrage kinne oan maatskiplike opjeften (kultuer as middel): leefberens en sosjale gearhing, fuortsterkje fêstigingsklimaat, rekreaasje en kultuertoerisme.

Wêr wolle wy op ynsette?

Op basis fan alle ûntwikkelings, de resultaten fan LF2018 en de winsken/ideeën út it fjild wei is in ûntwerp makke foar in nije struktuer foar kultuerbelied yn Fryslân. Wichtige útgongspunten:

Kontinûiteit én fernijing

Transparante en kwalitative beoardieling


Oanslute by de krêft en ideeën fan it kulturele fjild

Gearwurking

Dy útgongspunten betsjutte in oare rol fan de provinsje, nammentlik mear as partner fan it kulturele fjild en minder stjoerend. Dêrneist betsjut dat in beoardieling troch eksperts op kwaliteit.

De nije struktuer bestiet út de neikommende ûnderdielen:

- Fryske Keunstynfrastruktuer
- Erfgoedynfrastruktuer
- Taalynfrastruktuer
- Programmalinen



Mei boppesteand stelsel slute wy oan by de ynbring en ideeën út it fjild wei. De struktuer is ynhâldlik likegoed as prosesjittich fan aard. Der wurdt in fokus yn ynhâld en in wiziging yn wurkwize útsteld (sjoch fierderop by Wurkwize).

Taljochting op stelsel

A.1.1.

A.1.2. Fryske Keunstynfrastruktuer

Yn de Fryske Keunstynfrastruktuer beneame wy funksjes dy't needsaaklik binne foar it 'keunst ekosysteem' yn Fryslân. Útsteld wurdt te kiezen foar popkultuer en (lokaasje)teater. Dat betsjut dat wy dúdlik kieze foar dy ûnderdielen fan ús keunstynfrastruktuer dy't ûnderskiedend en sterk binne op Fryske skaal, uterings fan it Frysk eigene.

De funksjes yn de Fryske Keunstynfrastruktuer garandearje de yntrinsike wearde fan keunst en in ekosysteem, dêr't artistike kwaliteit yn garandearre is (kultuer as doel).

Út 'e petearen mei it fjild docht bliken dat der ek op de oare dissiplinen ferlet is fan ynvestearjen fan de kant fan de provinsje. Der is keazen om dy dissiplinen net yn de Fryske Keunstynfrastruktuer op te nimmen troch it ûntbrekken fan in slútende keat. It is tige kostber om de keat slútend te meitsjen. Dêrom wurdt der by de útwurking sjoen nei mooglikheden foar stipe fan dy dissiplinen fia de programmalingen.

Dêrneist drage wy ek yn Noardlik ferbân by oan in kultureel klimaat fia in tal mearjierrige subdydzjes. Ús ambysje is dissiplinen lykas byldzjende keunst, dûns en klassike muzyk op Noardlike skaal op te pakken. Yn it ramt fan We the North sille de besteande subdydzjerelaasjes op 'en nij besjoen en beoardiele wurde moatte, sadat dy optimaal oanslúte by de karren fan de provinsje Fryslân. Dat dogge wy yn 'e mande mei Grinslân en Drinte. In wichtige betingst dêrby fanút Fryslân is dat der foldwaande akitiviteiten yn ús provinsje plakfine.

A.1.3. Erfgoedynfrastruktuer

De Erfgoedynfrastruktuer bestiet út de kombinaasje fan museums, argiven en erfgoed. Dat betsjut in kar om de funksjes museums, argiven en oar kultureel erfgoed fan 2020 ôf te bondeljen yn yntegraal erfgoedbelied: ymmaterieel (kultureel), replik en ûnreplik erfgoed yn ûnderlinge gearhing. Troch dy bondeling komme wy ta in krêftige Erfgoedynfrastruer. Fanwegens de aard fan erfgoed en de provinsjale keartaken ûnderskiede wy foar belied en útfiering twa spoaren op dat mêd: it kulturele spoar (û.o. Ferhaal fan Fryslân) en it romtlik spoar (û.o. *Omjouwingsfisy*). Foar de museums is in hifkingsramt dat yn de útfieringsprogramma opnommen is. De wichtichste wiziging is om net langer mei tema's te wurkjen (wetter, lânbou, natuer, en skiednis/kultuerhistoarje), mar de eksterne beoardieling fan de museums te dwaan op it boppe provinsjale belang fan de kolleksje en de kwaliteit (fan ynhâldlike aktiviteiten, organisaasje ensfh.). Omdat jimme opdracht net op it ûnreplik goed slacht en dat noch yn útfieringsprogramma's útwurke wurde sil, wurdt der yn de beskriuwing allinne op haadlinen yngien op de ynhâld fan ûnreplik erfgoed yn de Erfgoedynfrastruktuer.

A.1.4. Taalynfrastruktuer

De besteande Taalynfrastruktuer is gjin ûnderdiel fan weroriïntaasje. Dochs neame wy de Taalynfrastruktuer hjir wol, om reden fan de moaie ferbinings dy't yn de ôfrûne jierren tusken ús taalinstellings en it kulturele fjild ûntstien binne. Dêrneist is der binnen de Taalynfrastruktuer omtinken foar skiednis en histoarysk ûndersyk dat in wichtige rol yn it fertellen fan it Ferhaal fan Fryslân hat. Wy hawwe de ambysje om op termyn kulturele uterings oangeande taal en meartaligens yn 'e mande mei de keunstdissipline letteren in grutter plak yn de Fryske Keunstynfrastruktuer te jaan. Mei projekten as Lân fan Taal is de geweldige potinsje fan taal en meartaligens as ynspiraasjeboarne foar keunst en kultuer ta bloei kommen. Yn de perioade 2021-2024 wolle wy dy ûntwikkeling binnen de programmaline Taal & Identiteit fierder stimulearje (sjoch fierderop by de programmalinen). It unike karakter fan de talichheid yn ús kultuer hawwe wy yn it Fryske 'bidbook', dat wy yn it ramt fan it kulturele regioprofyl oan OCW oanbean hawwe, as sintraal tema keazen.

A.1.5. Programmalinen

Neist de Keunst-, Taal-, en Erfgoedynfrastruktuer dy't wy mei in beheind tal fjouwerjierrige subsydzjerelaasjes stal jouwe, is in tal (fleksibele) programmalinen beneamd. Fia dy programmalinen wol de provinsje fleksibiliteit kreëarje om op de dynamyk út it fjild wei en maatskiplike fraachstikken ynspylje te kinnen. Keunst en kultuer kin helpe om oare maatskiplike opjeften te realisearjen ('kultuer as middel), lykas leefberens en sosjale gearhing, fuortsterkjen fêstigingsklimaat, rekreaasje en toerisme. Op ynhâld slute de programmalinen oan by de ambysjes út Aginda2028.

Yn de bygeande notysje binne de programmalinen op haadlinen beskreaun. De beliedsynstruminten dy't nedich binne (regelings, ynset ekspertize ensfh.) moatte noch fierder útwurke wurde, krekt as de finansjele paragraaf. Oan PS wurdt útsteld om kennis te nimmen fan dizze programmalinen, as rjochting foar it fierder útwurkjen yn 'e beliedsbrieff 2021-2024.

Programmaline Grut & Grutsk

Ambysje foar it yntegraal wurkjen oan ûnderskate doelstellings fia kulturele eveneminten. Tagelyk it sljochtsjen fan sketten yn provinsjale budzjetten. Ferbining mei line 'Fuortsterkjen ekonomy en kultuertoerisme' út Aginda2028.

Programmaline Ynnovaasje & Eksperimint

Ambysje foar it cross-sektoraal wurkjen en fuortsterkjen fan de kulturele sektor troch ynnovaasje en ûndernimmerskip.

Programmaline Taal & Identiteit

Ambysje foar it ferbinen fan taal, erfgoed en keunst. It stimulearjen fan makkersklimaat (ynterdissiplinêr). Ferbining mei line 'Meartaligens' út Aginda2028.

Programmaline Keunst yn 'e Mienskip

Ambysje foar it fierder ûntwikkeljen fan *Kultueredukaasje mei Kwaliteit* (bestead belied, ferbining taal en kultuer yn it ûnderwiis), it stypjen fan kulturele inisjativen fan ûnderop (fia û.o. IMF) en it yntinsivearjen fan de gearwurking mei Fryske gemeenten op it mêd fan edukaasje, partisipaasje en amateurkeunst. Ferbining mei line 'Iedereen doet mee' út Aginda2028.

Ferbining programmalinen - LF2018

Op ynhâld hawwe de programmalinen in sterke ferbining mei de ambysjes yn Aginda2028. It doel is om mei-inoar de ambysjes oangeande Taal & Identiteit en Grut & Grutsk fia programma's fierder te ûntwikkeljen en ek út fieren wêr't dat (finansjeel) mooglik is. By de werhifking yn 2019 en 2020 wolle wy mei-inoar besjen hoe't de ambysjes in plak yn de nije kulturele ynfastruktuer fan 2021 ôf krije. Foar it nije kultuerbelied betsjutte de ûntwikkelings om Aginda2028 hinne in kâns om saken te ûndersykjen, fan ûnderfinings te learen en mei-inoar op te lûken yn in nije wurkwize en in oare rol fan de provinsje: as ien fan in grut tal partners yn de maatskippij.

Wurkwize beoardieling subsydze-oanfragen

Yn de beneamde Erfgoed- en Fryske Keunstynfastruktuer wurde ynhâldlike karren útsteld om it belied fan de provinsje mear fokus te jaan. Dêrneist wurdt ek in oare wurkwize útsteld, ûnder oare it wurkjen mei eksterne advyskommisjes foar de kwalitative beoardieling fan de oanfragen. Dêrby meitsje dy kommisjes gebrûk fan de doelstellings en it hifkingsramt yn it útfieringsprogramma (wêrby't de ûnôfhinklikens fan de kommisjeleden in wichtich punt fan omtinken is). Sa slút de

provinsje oan by de wurkwiize fan it ministearje fan OCW/Raad voor Cultuur en alle oare provinsjes.

It útstel is om de funksjes binnen de Erfgoed- en Fryske Keunstynfrastruktuer om 'e fjouwer jier op 'en nij iepen te stellen en ta te wizen. Dêrmei slút de provinsje oan by de beliedssyklus fan OCW en wurdt der romte oan nijkommers jûn.

Rol fan de provinsje

De mienskip feroaret: ynwenners en ûndernimmers, bedriuwen en organisaasjes nimme faker sels it inisjatyf om harren leeffermidden te ferbetterjen. De mienskip wurdt 'floeiiber': nije foarmen fan gearwurking en netwurken komme op en funksjonearje salang't se effektyf binne. Dat betsjut in oare rol fan de provinsje, nammentlik mear as partner fan it kulturele fjild en minder stjoerend. Mear oer de feroarjende rol fan de provinsje yn haadstik 3 fan de notysje.

Foarkaroplossing/ Yntegrale ôfwaging

: It hjoeddeistige stelsel bout fierder op en is in fierdere útwurking fan de kar dy't jimme Steaten op 20 desimber 2017 makke hawwe.

Útfiering

: Foar de fierdere útwurking fan it stelsel sette wy de gearwurking mei de kulturele sektor en oare partijen troch. Ôfhinklik fan de ideeën dêroer út it fjild wei wurdt fêststeld hoe't it proses yn 2019 en 2020 der krekt út komt te sjen. It stribjen is om ein 2019, mar uterlik begjin 2020 in kompakte beliedsbrieff mei finansjele paragraaf klear te hawwen, dat de mooglike konsekwinsjes op 'e tiid yn byld binne.

Dat betsjut dat wy yn 2019 de beliedsynstruminten fierder ûntwikkelje kinne, de advyskommisjes (rol, taken en ferantwurdlikheden) útwurkje kinne en in begjin meitsje kinne mei it beliedsbrieff foar de perioade 2021-2024, ynklusyf finansjele paragraaf. Uterlik yn 'e maitiid fan 2020 sille wy de sektor (bestande en nije spilers) útnûgje om op grûn fan de nije ramten en it hifkingsramt mei plannen te kommen foar de nije keunsteplanperioade 2021-2024. It stribjen is om dêryn safolle mooglik lykop te rinnen mei it Ryk en de faze fan beoardieling fan de yntsjinne plannen foar of krekt nei de simmer fan 2020 ôf te sluten.

Yn 2019 wurde ek de útfieringsprogramma's foar erfgoed opsteld. Dat giet om in útfieringsprogramma yn it kulturele spoar, dêrûnder it Ferhaal fan Fryslân en de kritearia foar de erfgoedmuseums, en yn it romtlike spoar basearre op û.o. de Omjouwingsfisy.

Planning (sjoch foar folsleine planning Kultuer oan 'e kime)

2019:

- Útwurking advyskommisjes
- Start ûntwikkeling beliedsbrieff 2021-2024 ynklusyf finansjele paragraaf
- Útwurking beliedsynstruminten programmalinen
- Beslútfoarming DS oer útfieringsprogramma's erfgoed

2020:

- Beslútfoarming PS beliedsbrieff 2021-2024

- Ynstellings tsjinje oanfraach yn
- Advisearring troch advyskommisjes
- Beslútfoarming DS

Ynformearje PS oer beslúten

Monitoaring/evaluaasje : Nei de earste planperioade 2021-2024 sil der in evaluaasje dien wurde. De manier fan monitoaring en evaluaasje komt yn gearspraak mei de advyskommisje(s) ta stân.

Stjoering : It stelsel foarmet de struktuer dêr't it provinsjale kultuerbelied mei útfierd wurde kin. Stjoering bart fia de programmalinen dy't útwurke wurde yn konkrete beliedsynstruminten en de ynskriuwomgongen foar de 'Fryske Keunstynfrastruktuer' en Erfgoedynfrastruktuer.

Ferfolchproseduere : Nei it fêststellen fan de útstelde beslútpunten, wurdt mei de tariedings foar de ynfiering fan it nije stelsel útein set.

Oare punten : [n.f.t.](#)

Ljouwert,
Deputearre Steaten fan Fryslân,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

R.E. Bouius – Riemersma, MBA MCM, sekretaris

UTSTEL

Underwerp : **Útwurking weroriïntaasje kulturele ynfrastruktuer Fryslân (01589213)**

Provinsjale Steaten fan Fryslân

Nei it lêzen fan it útstel fan Deputearre Steaten fan Fryslân fan, nr. 01589213 de útwurking weroriïntaasje fan de kulturele ynfrastruktuer Fryslân

Mei it each op

Oerwagende dat : Der yn de besteande situaasje gjin dúdlik kritearia foar de provinsjale kulturele ynfrastruktuer binne. Fierder is it budzjet dêr't it provinsjale kultuerbelied mei útfierd wurdt benammen yn boekjersubsydzjes en yn bydragen oan in mienskiplike regeling fêstlein. Dêrmei is der net folle fleksibiliteit.

LF2018 bewiisd hat dat kultuer oan in soad maatskiplike opjeften in bydrage leverje kin en wy dat yn belied ferankerje wolle.

De provinsje soargje wol foar in duorsume kulturele ynfrastruktuer dy't de takomst treast is en foar in bliuwend sterk kultureel klimaat.

Beslute : De útfieringsprogramma *Kultuer oan 'e kime – weroriïntaasje kulturele ynfrastruktuer Fryslân* fêst te stellen, en dêrmei:

1. Yn te stimmen mei it beneamen fan in profesjonele Fryske Keunstynfrastruktuer, besteande út de funksjes (lokaasje-)teater en popkultuer;
2. Yn te stimmen mei de betingsten, doelstellings en it hifkingsramt foar de Fryske Keunstynfrastruktuer;
3. Yn te stimmen mei it bondeljen fan it kulturele erfgoedbelied, wêrby't it replik en ûnreplik erfgoed yn in stevige ynfrastruktuer foar behear, behâld, ûndersyk en ûntwikkeling fan al ús erfgoed opnommen wurdt;
4. Yn te stimmen mei de doelstellings en it hifkingsramt foar de musea en opdracht te jaan dy fierder út te wurkjen as ûnderdiel fan it noch op te stellen útfieringsprogramma foar erfgoed (eksklusyf romtlik erfgoed) fan 2020 ôf;

5. Kennis te nimmen fan de útstelde programmalinen as rjochting foar fierdere útwurking yn it beliedsbrieff 2021-2024, ynklusyf finansjele paragraaf, yn nauwe gearwurking mei Aginda2028.
6. Fan de programmalinen út yn te setten op it ûntskotten fan budzjetten, it finen fan kofinansiering en it ûntwikkeljen fan nije beliedsynstruminten, wêrby't de neiere útwurking fia deputearre steaten rint.

Sa feststeld troch Provinsjale Steaten fan Fryslân yn harren iepenbiere gearkomste fan,

drs. A.A.M. Brok, foarsitter

G.W. Huisman, griffier